

## “SÛN ITEN FAN SÛNE GRÛN”

Nei trije wykeinen Fryske Boargertop leit hjir it risseltaat, ynhâldende:

- 1 . Oerhandigjen fan in Manifest
- 2 . Advys rjochting beliedsdoelen provinsje
- 3 . Konkrete oanfoljende útstellen/foarbylden/fersiken

### Oanlieding

Yn 2016 gongen fiifhûndert Friezen by de Fryske Doarpentop mei elkoar yn petear oer de takomst fan it plattelân. Yn 2019 hat dizze Doarpentop in ferfolch krigen yn de earste Fryske Boargertop, besteande út 43 ynwenners fan Fryslân, dy't de Friezen yn har diversiteit fertsjintwurdige. It tema fan dizze earste Boargertop is

***“Goede dingen maklik meitsje foar in bloeiend Fryslân”.***

Yn de wurden fan de hear drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening fan de provinsje Fryslân:

*“In projekt as de Fryske Boargertop makket it mooglik om op in nije manier fraachstikken út de mienskip mei ús ynwenners op de politike agenda te setten. Sa wurdt de kennis, kunde en ûnderfining fan de ynwenners diel en meinommen yn de beslútfoarming. In goed foarbyld fan hoe't demokrasy ek wurkje kin.”*

Sa't de inisjatyfgroep Boargertop it formulearre hie: “Goede dingen maklik meitsje foar in bloeiend Fryslân”. Allinnich hoe meitsje je fan sa'n dochs wol abstrakte opdracht in wurkber plan, foarstel, projekt of wat dan ek?

De Boargertop is ta de konklúzje kommen om de opdracht op te fetsjen yn termen fan 'duorsumens', 'sûn en lang libje'. Wat konkreter: 'besykje betingsten te skeppen foar de saneamde Blue Zones' (sjoch taljochting Taheakke I). Lytser as de fiif as sadanich werkenbere gebieten oer de hiele wrâld, mar wol basearre op it realisearjen fan in tal fan de mienskiplike skaaimerken dêrfan. De Boargertop wol dêrom mei in manifest en in tal konkrete foarbylden sjen litte hoe't sy de takomst foar Fryslân oant 2040 sjocht.

### Proses en achtergrûn

It proses fan de Boargertop wie lykas folget:

- Earste wykein it ynventarisearjen en konkretisearjen fan it doel fan de Boargertop.
- Twadde wykein fierder ynhâld en foarm jaan oan dy koers. Wy ha in stip op de hoarizon setten mei as resultaat de winsk om der in manifest fan te meitsjen keppele oan in tal beliedsadvizen.
- It tredde wykein bin de resultaten fan de earste twa ferwurke ta in útstel oan DS mei it fersyk dat te agindearjen foar behandeling yn de PS.

It giet om in demokratysk eksperimint: ***Fan, foar en troch de mienskip fan Fryslân.***

De foarm wie strak. It proses waard oanstjoerd troch de kearngroep en diskusjes fûnen plak yn lytse groepkes. Trochdat de Boargertop in sterk eksperiminteel karakter hat, ha wy ûnder oaren wurke mei de “deep democracy” metoade om lijn yn it proses te krijen.

We ha ús ynspirearre litten troch ferskate aktiviteiten en inisjativen yn Fryslân. Hjirûnder in lytse opsomming fan de ferskillende besprutsen projekten:

- De Friese Voedselbeweging
- Us hôf en Us iten yn Sybrandabuorren
- De Permacultuur tuinen op’e Jouwer en yn Ljouwert
- It Herenboerenproject
- De Streekboer
- It Bio Web
- De Noardelike Fryske Wâlden

Wy werkenne ús yn de folgjende rollen:

- As konsumint / ôfnimmer fan lokaal en sûn iten meie der gjin behinderingen wêze yn ôfstân en kennis fan sûn iten, en ek net finansjeel.
- As produsinten dy’t fasilitearre wurde om sûne fieding foar har omjouwing te meitsjen, dêryn begrinzge troch de natuer. Om te soargjen dat sûn lokaal iten echt yn hiel Fryslân makke wurdt, bin ús eigen boeren en túnkens nedich.
- As produsint en konsumint yn lokale griente-, steds- of doarpstunen, dêr’t dielnimmers mei inoar har eigen iten ferbouwe.
- As ‘master’: kennis en bewustwêzen fan iten en omjouwing begjint op skoalle. En omkeard: De jongerein sleept de âlderein derby. De jongeren beynfloedzje de libbensstyl fan de âlderen: “fersmoargje minder en konsumearje minder.” Alderein en jongerein, oer en wer, hâlde inoar wach oer hoe’t wy mei de ierde omgean wolle.

### *‘Mei inoar ite ferbynt minsken’*

#### **Opbringst**

It twadde wykein is ôfsletten mei it opstellen fan in tal ‘Flipovers’ mei de opbringsten fan de gearkomsten. Hjirûnder folget in opsplitsing fan dy opbringst yn ûnderdielen en haaddoelen.

#### **1. It opstellen fan in manifest, lêsbere foar alle ynwenners fan en belutsenen by Fryslân.**

It manifest wurdt publisearre troch de Boargertop; it wurdt oerdrûgen oan DS mei it each op agindearring foar behanneling yn de Provinsjale Steaten.

Wy binne it iens wurden oer de folgjende doelen, dy’t gearfette liede nei in sûne, duorsume mienskip (sûn iten, sûn libje):

##### **a. Stipelearjen en ûntwikkeljen fan lokale Mienskips inisjativen**

- Stypje op ferskate wizen; kennis, subsydje of it diedwurklik tawizen fan grûn.

- Keppelje projekten; dêrbij tinke wy oan kultuer, soasjale gearhing, derbij hearre, je net iensum fiele.

#### **b. Edukaasje en it belûken fan jongerein**

- Wy wolle dat bij foarstelde projekten in dúdlike rol foar de jongeren weilein is. Dêrtroch wurdt har entûsjastme en belutsenens stimulearre en wurde de âlderen op 'e nij ynspirearre om goed mei ús ierde om te gear.

#### **c. Oanslute bij besteande inisjativen**

- Der binne al in soad inisjativen ûntwikkele en op gong setten, dy kennis en kunde moatte wy brûke. Dy inisjativen binne ommers al fan ûnderen op ûntstien en kinne goed troch ûntwikkele wurde.
- It ynventarisearjen fan hokker projekten der al binne, fan pluktún oant agro-eksperimint, fan kommune oant leefgroepen. Krekt fysike romte en regelromte meitsje foar nije inisjativen.
- Op basis fan dy befiningen wurdt in 'Griene Rûte' makke, dêr't dizze projekten yn werom te finen binne.

## **2. It advys rjochting beliedsdoelen Provinsje Fryslân**

Hokker boadskip jouwe wy mei oan DS om troch te lieden nei beslútfoarming yn de PS?

- **Meitsje romte foar eksperiminten yn romtlik- en miljeubelied**
  - Hokker regels steane yn it paad en kinne dy skrast wurde? Meitsje wet- en regeljouwing tagonklik troch entûsjaste en iepen útfierders.
  - Hoe kinne inisjatyfnimmers gearwurkje mei de oerheid?
  - Meitsje fysike plakken oan dêr't, binnen te meitsjen ôfspraken, eksperimintearre wurde kin.
- **Foarmje in fûns foar startbydragen oan nije, leechdrompelige en ienfâldige inisjativen**
  - It doel fan it fûns is om in sûne produksje en in sûne libbensstyl te realisearjen; dêrmei wurde op termyn nei ferwachting grutte bedragen oan syktekosten besparre en kinne fiedselbanken opheven wurde.
  - Inisjativen as mienskiplike tunen, folkstunen mei in mienskiplik produksjedoel, net allinnich wâldbeantsjes, mar in jierrûn bouplan.
- **Bied stipe yn fysike foarm**
  - Loketfunksje dúdlik oanhelje (of op 'e nij ûnder de oandacht bringe om't boargers de wegen / mooglikheden net witte / kinne);
  - Fasilitearre perspektyfrike, gruttere (diel)projekten; bygelyks ynvestearringssubsydzje foar 'omskeakelboeren', gearwurking mei boargerkoöperaasjes of it opsetten fan produksje-konsumpsjerûntes (of hoe't je se ek neame wolle).

- **Algemeine advyspunten:**
  - De provinsje makket in lange termyn fyzje op boppesteande trije ûnderdielen en haaddoelen; wat is de 0-mjitting; hokker stip kinne wy op in hoarizon fan 15-20 jier fierder sette?
  - De provinsje makket it mooglik dat yn in tal gebieten frij sûnder bemuoienis fan de oerheid eksperimintearre wurde kin mei fiedselproduksje op in skjinne boaiem en mei direkte ferkeap oan de konsumint. Hjirby kin tocht wurde oan hoekjes lân fan 1 ha by ferskate kearnen; oan stedsbuorkerijen of de achtertunen fan minsken.
  - De provinsje fasilitearret in kennis- en advysplatfoarm mei aktive stipe.

### 3. Konkrete oanfoljende foarstellen/foarbylden/fersiken

- Ofprate dat oer 2 jier in ôffurdiging fan de Boargertop, kolleezje DS en PS inoar moetsje op of bij ien fan de nij ûntwikkele inisjativen om te sjen wat dêr no fan telâne kommen is en hoe't de provinsje hjirmei oan de slach gongen is / ferantwurding ôflizze troch alle belutsenen oan inoar.

Taheakke:

- Manifest 2040
- Taheakke I

# MANIFEST 2040

## “Sûn iten fan sûne grûn”

Yn it dynamyske proses fan ús fiedselsysteem yn 'e wrâld en ek yn Fryslân rinne wy tsjin in tal problemen oan. Wy stuitsje op 'e grinzen fan de natuer. Wy binne ferfrjemde fan it meitsjen fan ús iten. De mienskip stiet ûnder druk, omdat boeren en boargers / konsuminten net mei-inoar prate of selst tsjinoer inoar steane. Earmere Friezen hawwe gjin tagong ta goed en sûn iten en binne soms oanwiisd op fiedselbanken.

Wy, Friezen byinoar yn 'e Boargertop, sjogge tagelyk antwurden op dizze ûntjouwingen. Wy sjogge in sterk ferbân tusken iten, natuer en it sosjale libben yn ús omjouwing.

Oer 20 jier is der yn Fryslân in folle direkter ferbining tusken fiedselprodusint en konsumint, tusken boer en boarger, stêd en plattelân, tusken lânbou en natuer. Benammen ek tusken jongere en âldere, earmere en rikere Friezen fan hokker komôf dan ek. Eltse Fries moat meidwaan kinne. Sûn ite moat gjin privileezje of hobby fan in lytse groep minsken wêze. Iten ferbouwe, ferwurkje, ferdiele en it mei-inoar iten sels bringt de minsken wer by inoar.

Wy sjogge foar sûn iten fan sûne grûn in soad kânsen dy't wy benutsje moatte.

Wy dogge it Provinsjebestjoer de folgjende útstellen:

- Meitsje romte foar eksperiminten yn sawol romtlik- as miljeubelied.
- Foarmje in fûns foar startbydragen oan nije, leechdrompelige en ienfâldige inisjativen.
- Bied stipe yn fysike foarm, û.o. fia in provinsjaal Stipepunt.
- Stel in griene rûte op mei dêryn in oersjoch fan besteande inisjativen op it mêd fan sûn en lokkich libben yn de Fryske mienskip.
- Stimulearje inisjativen troch sawol begelieding as finansiering.
- Belûk skoallen (fan beukerskoallen ôf oant en mei it fuortset ûnderwiis) by de neamde inisjativen en stimulearje mei- en gearwurking.
- Stel in rûteamtner oan, dy't it ûnmooglike yn dit útstel mooglik meitsje kin.
- De politike libbensdoer fan dizze útstellen is langer as fjouwer jier. Om in langduorjend effekt te bewurkjen: sjoch op syn minst 15 jier foarút. De fuortgong fan dit neamde inisjatyf wurdt alle twa jier monitoard.

## Taheakke I:

Ta ynformaasje hjirûnder de mienskiplike skaaimerken dy't bij alle bekende Blue Zones foarkomme en weryn't dy gebieten har diedwurklik ûnderskiede:

- Natuerlik bewege; it befoarderjen fan mear fysike beweging bij de ynwenners fan Fryslân as ûnderdiel fan it deiritme;
- Haw in doel yn it libben; wat wolst, wer leit dyn passy?
- No en dan tebekskeakelje; even gas werom nimme yn de 'ratrace'; regelmjittich skoftsje;
- Yt 80%; yt dy net folslein fol, mar nim genoegen mei 80%;
- Fokus op plantaardich iten; net minder fleis mar sa min mooglik fleis, goed foar it lichem en goed foar ús miljeu, minder CO2 útstiet, minder stikstof deposysje;
- Drink regelmjittich in glês wyn, net mear as 1 oant 2 deis;
- Soargje datst yn in plesierige omjouwing wennest en wurkest; sawol soasjaal, kultureel as fysyk; soargje datst freonen hast en ûnderhâldt de famyljebannen;
- Leau yn in tal wearden en noarmen, hoechst gjin kristen of mohammedaan te wêzen, mar leau yn it iene of it oare of mei oare wurden tsjinje in heger doel ('you may call me Bobby, you may call me Zimmy, well it may be the devil, it may be the lord, but you gotta have to serve somebody, Bob Dylan')
- Famylje earst, wês der foar dyn famylje!